

Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, en jim jouwe antwurd yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'



Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'Dyn thús – de berneboekewike'.

It programma is te finen op www.tsjiltsjekt.nl en bestiet út twa dielen dy't jim sels ynplanne kinne.


Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'Dyn thús' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfere. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website www.tsjiltsjekt.nl.
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan septimber stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op www.tsjiltsjekt.nl.
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

Om alfêst oer nei te tinken:

- Yn dizze Tsjil Tsjekt wurdt jim frege om de wurden 'Tsjil Tsjekt' út te byldzjen mei jim liif. Hoe sille jim de letters meitsje mei jim liif? Meitsje in foto fan hoe't jim dat dogge. Dat kin yn ien kear alle letters op ien foto wêze, mar it mei ek mei in aparte foto fan elke letter. As de letters mei-elkoar mar de wurden 'Tsjil Tsjekt' foarmje.

Foarbylden fan de letter T:



Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!



Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema 'thús' of de berneboekewike? Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn de tema's 'Safolle minsken, safolle gewoanten', 'Sjoch om dy hinne' en 'Fyn it út!' foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer ferskillende thússituaasjes, ferskillende huzen, flechtlingen en dak- en thúsleazen.
- Taalaktiviteiten:
Yn de taalaktiviteit 'Alle gear famylje' giet it oer ferskillende thússituaasjes fan minsken.
Yn de taalaktiviteit 'Wat is it hjir moai!' sjogge de learlingen nei harren omjouwing.
- Boeklessen:
Mei de boeklessen yn Spoar 8 kinne jim oan 'e slach mei berneboeken. Tink by it tema 'Dyn thús' bygelyks oan 'Dingeman krijt wjukken' of 'Silke en miss Dee'
- Projekten:
Yn it projekt 'Hoe wennesto?' (groep 5) giet it oer ferskillende soarten huzen.
Yn it projekt 'Hûs te keap' (groep 7) besjogge de learlingen harren eigen hûs en meitsje dêr in advertinsje foar.
Yn it projekt 'Dit is myn buert' (groep 8) sjogge de learlingen kritysk nei harren buert en betinke hoe't se harren buert noch moaier meitsje kinne.
Yn it projekt 'Alle gear taal' (groep 8) tinke de learlingen nei oer taal en meartaligheid en meitsje se in miny-kursus Frysk foar ien dy't graach Frysk leare wol.
De projekten 'Wêr boarten pake en beppe mei?' (groep 5), 'Wat stie der by pake en beppe op 'e tafel?' (groep 6), 'By pake en beppe op skoalle' (groep 7) en 'Belibje it mei pake en beppe' (groep 8) geane oer hoe't it froeger by pake en beppe thús wie.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer lêzen en dy thúsfiel ek nijsgjirrige nijsjes, spultsjes en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan: <https://taalplan.frl/oanmelde/>



Omrop Fryslân

